

Ferhaal fan de tsjerke.

Ik bin berne yn de Gemeente Lemsterlân yn juny 1933 as lêste fan de fjouwer. Der wiene al twa suskes en een broerke en doe kaam ek fiif jier nei myn broerke noch om de hoeke. Ik bin doopt yn de Geriformearde tsjerke fan De Lemmer. De snein nei myn berte al mei in boatsje nei De Lemmer foar de doop en lyk as by de oaren wie myn mem hjir ek net net by. Ik haw myn mem letter wolris frege werom hja net by de doop fan ús wie. Hja sei dan altiten: "Ja jonge, dat wie doe no ien kear sa. Mei oare wurden, dat haw ik ek net sa útfûn. Ut har wurden koe ik wol priuwe dat hja fierders it harre der fan tocht. Ik bin bliid dat hjoed de dei, de doop dochs wat in mear feestlik karakter hat. De berte fan in bern is dochs in wûnder dat fierd wurde mei. Ik tink no noch wolris. It wie yn dy tiid somtiden in rûtnear barren: it doopformulier waard hiel fluch oplêzen (as wie it oannaam wurk) en dan waard der doopt.

Gjin jier letter, maaie 1934, binne wy ferhuze nei Sleat. Mei oare wurden oer ûnderfinings fan de tsjerke dêr kin ik net folle fertelle. Allinnich dat de hiele droktme mei Fedde Schurer doe wol har spoaren neilitten hat bij myn mem. Hja fertelde dan ek faak dat it in hiel aardige jonge wie en as hij sneins yn tsjerke kaam, rûn hij altiten earst nei de bank fan syn heit en mem om dy dei te sizzen. Hja hie dêr grutte muoite mei hoe dat doe gien is. Ik haw altiten noch it boekwurkje fan syn útsprutsen rede yn Ljouwert. Dus, maaie 1934 nei Sleat en der giene wij nei de Geriformearde (de lytse tsjerke). Der waard altiten praat oer "De Lytse" en de "Grutte tsjerke". De Lytse is der al wat jierren net mear want yn Sleat giene hja noch al gau mei-inoar fierder. As jonkje moast ik al ridlik gau mei nei tsjerke. Bij it grutter wurden sneins twa kear. Der waard net nei frege, wat jo as bern dêr fan fûnen. Folle kin ik der net oer fertelle, yn elts gefal net oer de preken. Dy hawwe blykber net folle yndruk op my makke.

Wat my wol opfoel bij it wat grutter wurden, wie dat der mannen wiene dy't foar it sitten gean earst de pet foar de holle dienen werby't ik dan tocht: wat soene hja no sizze? Yn de simmer, mei it waarme waar giene inkelden ûnder de preek wolris efkes stean, dat diene hja om mar net yn sliep te fallen. Letter tocht ik faak wolris: boere-arbeiders en ek lytse boeren (komelkers waard der faak sein) krige yn dy tiid ek mar in bytsje rêst. Moarns iere betiid melke, ek sneins en dan nei tsjerke en middeis wer nei tsjerke en fuort nei it teedrinken wer melke. Myn heit hie alle lân oer it wetter, dus dan in ein roeie nei it lân. Bij it grutter wurden tocht ik wolris, dat de grutte minsken ek wolris wat oars heare wûnen, want as ds.Zelle kaam of ds. Voerman fan De Jouwer dan kamen der mear en ek oare minsken, ek fan bûten Sleat.

Ds. Voerman hie, doe't hy yn Warns dûmny wie, nei myn betinken yn de Súdwesthoeke al de nedige bekendheid krige. Hij wie oars as de trochsnee dûmny yn dy tiid. Sa as ik al sei, hawwe de preken eartiids net folle yndruk op mij makke. Fan dûmny Voerman wit ik noch dat hij oer Jozef preke, dy't op syk wie nei syn broers yn it fjild. It kaam der op del, hy koe mar trochrinne, want neat siet jo yn dy tiid yn de wei, want sei hy: "Je wordt hier duizelig van alle hekken en stekken". Dat wie gjin kânseltaal yn dy tiid. Blykber fûnen de minsken it yn dy tiid dochs wol moai, it yn dy mear begryplike wurden te hearren oars hiene der net sa folle minsken op ôfkaam. Ik wit ek noch dat op in moarn ûnder de preek ien de tsjerke yn kaam en rôp "in razzia" en alle mannen (mei wat neamd waard) gefaarlike âldens fleagen de tsjerke út. Wat ek wol yndruk op my makke hat, wie direkt nei de oarloch. Yn Sleat wie in maresjauseekazerne, wêr't as opper, Drolinga de lieding hie. Hy moast yn dy tiid flechtsje om net oppakt te wurden. Syn frou, beide dochters en beide soannen waarden doe oppakt en nei Vucht oerbrocht. Mei oare wurden: jo moatte jo melde, want oars witte jo net wat der mei jo frou en bern barre kin. De Groot fan De Jouwer koe my letter fertelle (dy't op it selde adres as

him ûnderdûkt wie yn 'e buert fan Oasingehuzen) dat hja alle muoite hiene om him fan it oanmelden tsjin te hâlden. Lokkich waarden frou en bern nei in skoftke dochs wer frij litten. Fuort nei de oarloch (ik wie doe alve jier) wie de opper yn syn moaie marsjesee unifoarm wer yn tsjerke en nei de preek gie hy ynienen stean om de minsken te betankjen foar alles wat hja foar syn frouen bern betsjutten hiene. Yn de tiid, dat hij der net wie en ek doe't hja weromkamen út Vucht. Hy wie hiel emosjoneel en hy sei foar my wurden, dy't ik nea wer ferjitten bin: "IK LAG GEKNELD IN BAND VAN DE DOOD". Wat moat dat doe in spannende tiid foar de man west ha. Ik wit ek noch as jonkje, dat by myn beppe in skildery hong mei "De brede en de smelle wei". De brede wei wie in wei mei moaie feestlike bylden, mar de ein fan de wei seach it der aardich minder moai út. De smelle wei seach der minder fleurich út mei swarte klean, mar oan de ein fan de wei seach it der aardich better út. Mei oare wurden: op de smelle wei moatte jo je miskien in hiel soad ûntsizze, mar dan blykt it oan it ein fan de wei wol de ienige wei te wêzen nei't ivige libben. Dat skildery makke doe wol folle yndruk op my. Yn myn lettere libben haw ik 20 jier lang foar myn wurk in soad reizen nei East Europa makke, mei nammen nei de DDR, mar ek faak nei Poalen, Tsjecho Slowakije en Hongarije en yn dy lannen rekke ik belutsen bij pypsmookwedstriden en dat waard sponsere troch it bedriuw, wêr't ik wurke.

Lange jierren wie ik dan faak mei Pinkster yn Poalen. Ik krige der faak fan alles oanbean, sa as ek in hiel moai boek mei allegearre ôfbyldingen fan skilderijen oer himel en hel. Op de linker bledside grouwélige bylden oer de hel en op de rjochter bledside hiel moaie bylden oer de himel. Dat brocht my wer efkes werom nei it skilderij fan beppe mei de brede en de smelle wei; it wiene ôfbyldings mei deselde betsjutting. Ik hie dy tiid (efterôf sjoen) net graach misse wollen. It die my faak tinken oan ús, yn de tiid fan de Twadde Wrâldoarloch.

De fal fan de muorre, tusken East en West, dy't ik fan tichteby mei belibbe ha, wie foar my in wûnder. Tige spitich, dat nei al dat bliid wêzen no rakketten mei gefaarlike ladingen en al mar fierder berik opsteld wurde. Wy skine, nei alles wat der bart yn de wrâld, it nea te learen om freedsum mei-inoar om te gean. Yn it begjin fan myn ferhaal, hie ik it oer Fedde Schurer en dat ik noch in boekwurkje hie mei syn rede, útsprutsen op 27 april 1929 op 'e iepenbiere gearkomste fan de Kristlik Demokr. Uny to Ljouwert. Mei as ûnderwerp "KRISTENDOM EN OARLOCH", dus dat hold Schurer doe ek al dwaande. Hooplik wurdt it nochris oars, mar dat sil wol by hoop bliuwe, want no ek noch stiet de wrâld rûnom yn de brân.

Ultsje Venema, De Jouwer